

# Dat docht Winsum

Dat wie in seldsum moai gesicht, dêr op de banken en planken by de Sint-Jabik, de doarpsfeart fan Winsum. Buijige loftten, sa ha jo net, mar der wiene gâns blauwe finsters, de sinne skynde en it bleau de hiele middei aroech. Hwat leine de fjilden der nei it noardwesten moai hinne, wat diene de pompeblêdden it goed, dêr krekt yn 'e midden tusken de stompe toer fan Spannum, fol-út yn de restauraesjepronk, en de lange spitse toer fan Tsjom, sâ meager dizkear fanwegen de restauraesjeoperaasje dat men him troch de bonken hinne sjen koe.

In doarp yn it hartsje fan Westergoa en yn it sintrum fan Fryslân. Net sa fier fan Frjentsjer ôf dêr't okkerdeis de P.C. wer tûzenen fan hein en fier hinne lutsen hat. Net sa fier fan Wommels ôf, dêr't efkes koarter lyn de freule-keatspartij wer ta in heechtiidsdei yn it Fryske sportlibben wurden is. Hwat fierder ôf fan Snits, dêr't de sylwike ta in bigryp wurde koe, en fan de oare plakken dêr't it skûtsjesilen withoefolle minsken sa'n wille joun hat, dat it hert har optilde. Koe it jin nij dwaen dat dêr nou by de Sint-Jabik ek tûzenen sieten, in hiele lange middei, en dat elkenien it dêr in fleurich en sellich feest foun?

Der wurdt tsjintwurdich in bulte kwea fan ús Fryske doarpen sein: hja soene siik wêze en efterlik, en it folk soe dêr net mear wêze meije, en de âlde mien-skipssin soe foargoed fordwoun wêze, en folle-net-genôch. Lit der hjir en dêr wat fan wier wêze, it stiet as in peal boppe wetter dat party doarpen wat goeds op tou sette kinne en in folksfeest organisearje, sâ fiks en sâ oanloklik dat de stêdden der gjin hânwetter oan hawwe, of it moast fansels Boalsert wêze. Dan is elkenien mei yn it spier, dan hat elkenien der wat foar oer, dan is der gjin tsierderij oer rjochtingskwestjes of polityk.

Mei de jierlikse kampioenskriich yn it fierljeppen hat Fryslân der wer in

goede tradysje by krige. Der koe noch wol mear by: it hurdriden en hurddraven, de âlvestêddetochten, de keatspartijen en it skûtsjesilen, it liet meilkoar noch romte oer foar dizze folksport, sa yngreven Frysk dat it gjinien nij dwaen kin as dêr ynienen hûnderten oan meidogge. Gjin stedlju lykwols, of mar by útsûndering; it binne doarpsminsken dy't har yn de striid bijowe, jongerein en âlderein, manfolk meast, mar de froulju litte it der gelokkich ek net by sitte.

En dy't it oer fierljeppen hat, dy hat it fuortoan oer Winsum. Dêr wennet aldergeloks in man, dy't wit wat in Frysk doarp op syn bêst wêze kin, en wat it Fryske folk út 'e wei sette kin as it syn slinger hat. Syn doarp is troch it regear net as in „kearn” oanmurken, mar hy hat der de slach fan en meitsje syn doarp ta in echte kearn mei rasjonale en ynternasjonale forbinings. Dat dat gjin praetsje is, dat hat sneontomiddei wol bliken dien. Sûnder de help en it waerme enthousiasme fan dizze njonkenlytsen al wat forneamde yndustry koe de ljepperskriich net op sa'n royale wize hâlden wurde. Dat moat dan mar ris yn it iepenbier en mei tankberheit sein wurde. Hjir wurdt in moai foarbyld steld oan party oaren.

It wie yn oarder! Tonei wat mear tempo, al hoecht it gjin jeijen en fleanen to wurden; dêr wint it gehiel fan. En it Frysk Folksliet bileaven net wer sjonge litte by koarsang op in plaet dy't net dúdlik trochkomt; set mar in pear man fan it muzykkorps op de wein, dan giet it dat it slydjaet. En dan tonei de Fryske flagge op de toer, krekt sa't hja dat yn Boalsert en yn Grou ek dogge as dêr great feest is; de tsjerke-lju dy't dat nou net ha woene, moatte har ta de teannen út skamje. Mar ankomme jier komt dat allegearre yn oarder, leau dat de Winsumers en de krigеле lju fan it ljeppersbou mar.

P.